

# De Vrije Fries



JAARBOEK

uitgegeven door het

FRIES GENOOTSCHAP VAN GESCHIED-, OUDHEID- EN TAALKUNDE

en de


FRYSKE AKADEMY

EENENTACHTIGSTE DEEL

81  
2001



SINDS  
1839



DE VRIJE FRIES  
SINDS 1839

EENENTACHTIGSTE DEEL 2001

Jaarboek uitgegeven door het  
Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde  
en de Fryske Akademy

REDACTIE  
Wiebe Bergsma, Derk Jansen (secr.), Goffe Jensma (voorz.), Gilles de Langen,  
Hotso Spanninga (eindred.)

REDACTIE-ADRES  
Nieuwesteeg 8  
8911 DT Leeuwarden

ONTWERP  
Invorm - Tom Sandijck

OPMAAK EN DRUKWERK  
Grafisch Bedrijf Hellinga

ISBN 90-6171-932-1

FA-nummer 932

De redactie houdt zich aanbevolen voor kopij. In het algemeen gaat haar voorkeur uit zowel naar wetenschappelijke artikelen als naar meer essayistische bijdragen op het terrein van de Friese geschiedenis, kunst, literatuur en archeologie. De plaatsing van de Friese 'stof' in een bredere context is daarbij gewenst. Kopij dient, voor zover mogelijk, te worden aangeleverd op floppydisk (plus één uitdraai) en in het formaat van één van de tegenwoordige tekstverwerkingsprogramma's (WP 5.1 tot WP 9; Word 6 tot Word 2000). Annotatie en literatuurverwijzing gaan volgens de regels die binnen het vakgebied van een bijdrage gelden, echter met deze beperking dat verwijzing tussen haakjes in de tekst niet is toegestaan. De auteur dient in de eindnoten een verkort titelsysteem te hanteren, dat doorverwijst naar een aan het eind van de bijdrage op te nemen literatuurlijst en eventuele lijst van archivalia.



# Op syk nei it Fryske genoom

ARJEN VERSLOOT

No't it slagge is om in minsklike DNA-rige folslein yn kaart te bringen is de hite hei oer de mooglikheden fan DNA pas echt losbarsten. Yn Grins woene se net benefter bliuwe en hawwe se de Fryske befolking útkeazen om in bydrage oan de fuortgong fan de genêskunde te leverjen. De histoarikus Meindert Schroor is dêr yn it 2000-nûmer fan *De Vrije Fries* op yngien. Hy hat besocht sjen te litten dat der yn it gefal fan Fryslân gjin goede demografyske basis is om sok ûndersyk fruchtber útfiere te kinnen.

De auteur fan dit stik is histoarysk-taalkundige en kin dus eins allinnich fanút dy saakkundichheid wat oer it ûnderwerp sizze. Ik haw kundskip naam fan wat in foarostand genetikus oer de relaasje tusken erflikheid, etnisiteit en taal sein hat en kin sa besykje as taalkundige wat oer de etnisiteit fan de Friezen te sizzen. Fierders bin ik de argumintaasje fan Schroor neirûn en wol dy, útgeande fan it troch him oandroegen materiaal – dêr't ik as sadanich neat ôf dwaan wol –, nochris kritysk hifkje oan de útkomsten fanút de taalkunde wei. It sil bliken dwaan dat ús gegevens inoar eins allinnich mar fuortsterkje.

Om reden dy't ik hjirnei útlizze sil, kom ik ta de konklúzje dat it idee fan genetysk ûndersyk oan de hân fan mei soarch útsochte Friezen yn alle gefallen net sa'n raar idee is as Schroor wol hawwe wol. At soks echt resultaat opsmite sil, moat fansels bliken dwaan, mar dêr kinne sawol Schroor as ik as net-genetisi neat bestekliks oer sizze.

Foar de relaasje tusken taal en etnisiteit basearje ik my op in boek fan de genetikus Cavalli-Sforza.<sup>1</sup> Foar alle dúdlikheid: it praten fan in spesifike taal is gjin erflik skaaimerke. Mar, sa is syn riddenaasje, sawol genetysk as talich ferskaat wurde befoardere troch beweging en ôfsûndering fan populaasjes. Sawol aparte talen as genetysk ûnderskiedbere groepen ûntsteane om't groepen har romtlik of sosjaal ôfskiede. Likegoed ferdwine of mingje talen troch demografysk kontakt tusken groepen. Muoiteleas makket er op genetyske kaarten Basken, Etrusken en klassike Grykske ekspânsje sichtber, allegear groepen dy't ek op basis fan taal no of yn it ferline ûnderskaat wurde kinne. Hy behannelet ek in oantal foarbylden dêr't genetysk ferskaat en talige ôfstân net oerienstimme, lykas dy tusken Lappen en Finnen of tusken Etiopiërs en Arabieren. Yn sokke gefallen jout er fanút de skiednis faak in goede ferklearing foar de tsjinspraak.

Gearfetsjend meie wy dus oan taalferskaat oanwizings ûntliene oer genetysk ferskaat. Fansels moatte wy dan al goed nei de politike en taal-sosjologyske skiednis sjen, om't dy it brûken fan in taal mei beskiede kinne. Fierders moatte wy yn 'e rekken hâlde dat it ferskil tusken Friezen en oare West-Ger-

manen sawol talich, as nei alle gedachten genetysk, fan in oare oarder is as bygelyks dy tusken Basken en oare Europeanen.

De stân fan de argeology seit ús dat wy der fan útgean moatte dat de befolking fan Fryslân – en ik brûk Fryslân hjir mar in de hjoeddeistige betsjutting fan de provinsje – yn de Grutte Folskferhuzing oan it begjin fan de midsieuwen hast folslein fernijd is. Dat betsjut dat in mooglik genetysk ûnderskiedbere Fryske populaasje likernôch 1500 jier âld is. Op himsels is dat in moaie âlderdom. De Yslânske populaasje is sa'n 1200 jier âld en lykas faaks bekend, in poer geskikte groep foar genetysk ûndersyk.

It taallânskip fan it West-Germaansk lit histoarysk in skieding sjen tusken Noardseegermaanske talen en Binnengermaanske talen. De Noardseegermaanske talen binne Ingelsk en Frysk, de Binnengermaanske Nederlânsk, Leechdútsk en Heechdútsk. Yn de tiid fuort nei de Grutte Folskferhuzing koene ferskate Noardseegermaanske skaaimerken har wreidzje oer dielen fan wat no it Nederlânske en Leechdútske taalgebiet is. Mar nei de opkomst fan it Frankyske Ryk fan Karel de Grutte is it mei de krêft fan it Noardseegermaansk op it kontinent dien. It Nederlânsk en Leechdútsk wurde definityf Binnengermaanske talen en allinnich it Frysk bliuwt as Noardseegermaanske taal oer. Mar dat Noardseegermaanske Frysk komt ek hieltyd mear yn 'e knipe. Yn de tiid tusken 1400 en 1800 ferdwynt it Frysk út nei-inoar Grinslân, Noard-Hollân en East-Fryslân en ek fan in oantal Fryske waadeilannen en út de gruttere Fryske stêden. Yn de nije polders fan It Bilt wurdt it Frysk net de omgongstaal. Wy sjogge dus sûnt 1400 in krimpjend taalgebiet. It tsjinwurdige Frysk is taal-kundich en taalgeografysk in reliktegebiet. Fanút it idee dat talige isolaasje op genetyske isolaasje wiist, hat it dus eigenskip en tink oan de bewenners fan it frysktalige plattelân as mooglike ûndersyksgroep foar genetysk ûndersyk. Ik sil no de argumintaasje fan Schroor bylânsrinne en dêr myn taal-histoaryske opmerkings nêstflizze.

In springend punt yn it hiele ferhaal is it feitlike stúdzjegebiet. Schroor seit (s. 31) dat er him ta de provinsje Fryslân beheint, mar sa út en troch al de oare noardlike provinsjes Grinslân en Drinte yn syn riddenearring meinimt. Dat hat ta in hichte wol eigenskip. Tsjinwurdich wurde dy trije provinsje as in beskate sosjaal-ekonomyske ienheid sjoen; der wurdt sa út en troch sels oer in bestjoerlike fuzy grute. Mar dêr't er de medisi yn Grinslân beskuldiget fan it ekstrapolearjen fan de noggentjinde-ieske myte fan de 'Alde Friezen' nei it ferline ta, soe der him sels ek wolris skuldich meitsje kinne oan it ginneralisearjen fan histoaryske sifers fan Grinslân en Drinte nei Fryslân ta op basis fan in tweintichste-ieske idee oer in ienheid fan it 'noarden'. Boppedat, yn de advertinsje dy't Schroor sa kreas by it artikel ôfprinte hat, wurdt frege om 'Friezen' en net om Grinslanners of Drinten. By it ûntbrekken fan demografyske sifers foar beskate dielen fan Fryslân is it fansels net raar en sjoch nei oanswettende kriterien, mar wy moatte wol kritysk hifkje oft sa'n ekstrapolaasje yn it ramt fan de fraachstelling wol kin.

Der binne noch twa oare aksiomata fan Schroor dy't in beskate nuansearring fertsjinje. Schroor neamt sosjaal-ekonomyske en demografyske dynamyk yn ien asem. Syn idee is: hannelskontakten laat ta útwikseling fan befolking en sa ta genetyske ferminging. Dat liket my as sadanich net te bewizen. Tink mar ris oan de keapman dy't wol omreizget mar net mei de lokalen trout. Of de boer dy't wol nei de feemerke yn de stêd giet, mar demografysk bûn is oan syn thúsdorp. Krekt yn it ferline soargen bepaalde groepen fan hannelslju - nim bygelyks 'lapkepoepen' of joaden - wol foar sosjaal-ekonomyske dynamyk mar demografysk bleaunen se yn 'e regel dúdlik skaat.

It twadde aksioma fan Schroor, dat yn it ferlingde fan de sosjaal-ekonomyske dynamyk leit, is dat fan mobiliteit. Ek mobiliteit hoecht net ta grutskalige genetyske ferminging te lieden. Yn har boek oer Marken, dêr't Schutte en Weitkamp<sup>2</sup> dochs benammen besykje om Marken te demytologisearjen - Schroor is yn goed selskip - lizze se wakker de klam op it feit de de eilanners mobyl wiene, faak nei de fêstewâl ferfearen en dat har tagelyk ek minsken op it eilân festigen. Mar, sa docht dan bliken (s. 29), hast alle ynkommelingen binne Markers-om-utens. Mei oare wurden: sosjale of ekonomyske mobiliteit hoecht gjin genetyske mobiliteit te wêzen.

Schroor bringt ferskate groepen ynkommelingen op it aljemint. In oantal dêrfan is neffens my minder rillevant. Sa plantsje selibatêre kleasterlingen (s. 35), dy't yndie yn de Midsieuwen yn grutte oantallen op it Fryske plattelân libben, har yn 'e regel net fuort. Ek de joaden (s. 37) foarmen no krekt in groep dy't der wol wie, mar sosjaal en ek genetysk altyd bot op himsels bleau. Ek op side 37 komme de studinten fan de Frjentsjerter universiteit oan bod. Alhoewol't de sifers oantoane dat dy groep foar it oergutte part dêrnei wer fuortgong, mei Schroor har dochs graach wat genetyske spoaren yn de Frjentsjerter befolking ta hawwe. Alhoewol't leden fan neamde groepen útsoarte wolris in genetysk spoar yn Fryslân efterlitten hawwe sille, binne dit no krekt earder foarbylden fan myn stelling dat persoanlike mobiliteit noch gjin genetyske mobiliteit hoecht te betsjutten en soms sels útdruklik net betsjut.

Fierders neamt er hiele rigen fan ynkommelingen yn de Fryske stêden (s. 36, 38, 40). As wy dat keppelje oan de taal, dan strykt dat krekt hiel moai. De stêden binne ommers sûnt de sechtjinde ieu stedsktalich en net frysktalich. It taalferskil foarmet hjir dus krekt in goede oanwizing foar in demografysk en dêrmei nei alle gedachten ek genetysk ferskil. Schroor seit sels (s. 40) dat de trek fan stêd nei plattelân beheind wie. De inkelde foarbylden fan lju út de sosjale hegerein binne hjir amper ta de saak: hja wiene net manmachtich en boppedat trouden hja net mei de oare sosjale groepen. Fierders wiene se troch har taal te ûnderskieden om't de hegerein stedsk- of hollânsktalich wie.

Alle foarbylden fan ynkommelingen yn Grinslân ûnderstreekje allinnich mar myn idee dat de taal in oanwizing foar de demografyske ûntjouwing foarmet: ommers yn Grinslân is it Frysk ferdwûn.

Binnen Fryslân is benammen yn de njoggentjinde ieu sprake fan in sterke

migraasje (s. 43). Dat hoecht net in beswier te wêzen. Krekt net, soe ik sizze. It makket dat de Fryske plattelânsbefolking genetysk moai homogenisearre en dat is allinnich mar geunstich foar genetysk ûndersyk. Ek op Yslân wie altyd in grutte mobiliteit oer it eilân hinne. Dat uteret him dêr yn de taal troch it fierhinne ûntbrekken fan dialektferskillen. Foar Fryslân soe ik der as parallel op wize kinne dat benammen op de Klaai, sis mar de krite tusken Warkum en Holwert, sûnt de njoggentjinde ieu de dialektferskillen aardich lytser wurden binne en in wakker homogeen dialektgebiet ûntstien is.

Schroor neamt ek binnen Fryslân noch in oantal gefallen fan oanmeitsjen fan lân, dy't makke hawwe dat net-Friezen nei Fryslân kamen (s. 35 en 39). Binnen Fryslân neamt er oan de kust de Middelsee, it Marne gebiet, it Lauwersgebiet en it Bilt. De Marne en Middelsee binne wat sneue foarbylden: dêr binne amper nije doarpen ûntstien. It nije lân by de Lauwers, sis mar Nij-Krúslân, is langer net mear frysktalich. Itselde jildt foar It Bilt. Yn beide gefallen fine wy de demografyske ûntjouwings dus werom yn de taal. Fierders neamt Schroor ek noch it oanmeitsjen fan it fean yn it súdeasten fan de provinsje (39, 42). Dêrby wiene grutte oantallen 'Gittersken' behelle. Alhoewol't dy groep tsjinwurdich yn taal fierhinne oan it Frysk assimilearre is, binne se út de histoaryske dialektology grif bekend. Ek dêr bliuwt dus de relaasje taal-demografy oerein.

Al mei al wize Schroors demografyske oanwizings en de konklúzjes dy't ik út de sprieding fan it Frysk lûke kin faak deselde kant út. Nei de resinte demografyske mobiliteit fan de lêste 50 jier – urbanisaasje en suburbanisaasje – is it net oan te rieden om samar elke ynwenner fan Fryslân as genetysk nijsgjirrige 'Fries' oan te merken. Mar minsken wêrfan't beide pakes en beppes fan it frysktalige plattelân komme, en dan benammen út it noarden en westen fan de provinsje, kinne mei-inoar wrychtich wol in groep foarmje dy't de muoite fan it ûndersyk wurdich wêze kin. Oft it ek wat opsmyt? Dat moatte de genetisi by eintsjebeslút mar útmeitsje.



## Noaten

- 1 L. en F. Cavalli-Sforza, *Wie zijn wij? De speurtocht naar het ontstaan van volkeren* (Amsterdam/Antwerpen 1994). 2 G.J. Schutte en J.B. Weitkamp, *Marken. De geschiedenis van een eiland* (Amsterdam 1998).